

# 8 *Snobje*

Suertsjes pakke,  
suertsjes snobje.  
Lekker smakke,  
lekker sobje.

*sabeare suertsjes pakke*  
*sabeare yn 'e mûle stopje*  
*smakke*  
*sobje*

Dêr komt mem!  
Wat wurd ik kjel!  
Gau lis ik  
de suertsjes del.

*skrikke*  
*yninoar dûke*

*sabeare de suertsjes dellizze*

Dikke triennen,  
wiete noas.  
Ik moat gûle,  
mem is boas.

*mei de wiisfingers by de wangen del glydzje*  
*de wiisfingers ûnder de noas hâlde*  
*gûlderich sjen*

## **Suggestje**

Ynstee fan 'mem' kin heit of oare nammen ynfolle wurde.